

# In mystearje fan in mystearje

Sjoerd Bottema, learaar en skriuwer fan twa ferhalebondels hat him oan syn nijste misdiedroman *It aai fan Siderius In ynspekteur Hofstra* mystearje fertild.

90 9/5 2001  
GERBRICH VAN DER MEER

De ynhâld fan de misdiedroman is in tizenêst fan ferhaallinen, dy't te faak neat te meitsjen hawwe mei wêr't dizze roman eins om draaie wol: it oplossen fan in mystearje. Of leaver it oplossen fan twa mystearjes. Want it iene mystearje sit yn it oare bebakt. It riedsel dat it measte omtinken kriget is it -lit ús sizze- Dine Visser-mystearje. Dat mystearje draait benammen om Dine Visser dy't jierrenlang mei Sake Salverda op in pleats krekt bûten Kamstersyl wenne hat. Mar Sake Salverda is op in dei samar ferdwûn en gjin mins wit wêr't er bleaun is. Harren dochter Lize is botte oerstjoer. As Dine Visser jierren letter yn it geheim in lyk yn 'e tún opgrave lit troch har freon Cor, wurdt dy op 'e died betrape. In anonym tillefoantsje hie de plysje wekker skodde. Ynspekteur Foppe Hofstra, dy't yn Kamstersyl opgroeid is, wurdt der efkes letter op ôfstjoerd om út te plúzjen wa't dat lyk is. Hoewol't er swiere fertinkingen hat, wurdt er net befêstige yn syn ferhoar fan Dine en Cor. It goudene horloazje mei de inisjalen M.S. dat op it lyk lein hie, bringt him lykwols op in

stuit syn âlde skoalmaat Marten Siderius yn it sin. Nei in besite oan syn adres stiet eins neat mear in oplossing fan de moard yn it paad, alhoewol't de dieder dochs noch út ûnferwachte hoeke komt.

It twadde mystearje is it riedsel dêr't de roman mei úteinset. Wa hat ynspekteur Foppe Hofstra fermoarde, dy't in pear wiken letter nei de oplossing fan it earste mystearje, flakby de pleats fan Dine Visser dea yn syn auto fûn wurdt. De fingers wize wer rjochting Dine Visser, mar ek no waait de wyn út in oare hoeke.

## Ynkonsekwiint

It liket oft hat Sjoerd Bottema syn mystearjes net genôch yn de macht hân doe't er dit boek skreau. Yn it earste plak binne der nochal wat personaazjes, dy't faak efkes opdraven komme, mar foar it ferrin fan it ferhaal gjin oertsjûgjende bydrage leverje. Yn 'e earste pear siden spilet skjinmakster frou Bantema sa in haadrol, wylst se efkes letter fan it toaniel ferdwynt. De figuer Jelco Hannema hat yn de roman al hielendal in singeliere rol en syn oandiel yn it gehiel wurdt net fôldwaande dúdlik. De beskriuwing fan Jelco is net oannimlik as er yn syn jonge jierren op side 11/12 beskreaun wurdt as in pestluder fan Foppe Hofstra en Marten Siderius en op side 60 in neirinder fan dyselde Foppe. It ferbân dat lein wurdt tusken de mishanneling fan de jonge Jelco yn in ferkrêftingssêne en it lettere boppe himsels útstiigjen fan Marten Siderius rjochtfeardiget foar

my de oanwêzichheid fan dy wrede sêne net. Miskien kin it model stean foar in soad ynkonsistinte passazjes yn de roman, dy't mei it each op it mystearje eins hielendal net ta de saak dogge. Wat te sizzen fan haadstik 'Frij man', dêr't Marten Siderius wiidweidich yngiet op syn relaasje mei syn frou, harren muoite om bern te krijen, de bear Oeleboele ferhaaltsjes dy't syn frou mei súkses skriuwt (en dêr't er op himsels in moai foarbyld fan jout), ensafuorthinne. Siden lang ek wreidet de skriuwer út oer Foppe Hofstra syn idelens, Martin Siderius syn minderwaardichheidskompleks dêr omtrint en Dine Visser, dy't sa glandich wêze soe. Wat dat oanbelanget hie de roman hast noch better 'It sied fan Siderius' hjitte kinne. As it lykwols wier op wichtige feiten en stappen oangeande de oplossing fan de moard oankomt, moat de lêzer se suver tusken de rigels weifiskje en opheine fan buertpraatsjes, dêr't it mei de wierheid ek net altyd sa krekt komt.

De skriuwer hat besocht om ferskillende fertelsitewaasjes troch elkoar hinne rinne te litten, wêrby't it iene mystearjeferhaal yn 'e foarm fan in 'hy-ferhaal' yn 'e notiid begjint en it oare yn 'e foarm fan in 'ik'-ferhaal yn de doetiid. Letter docht bliken dat it 'ik-ferhaal' ferteld wurdt troch de moardner fan Foppe Hofstra dy't yn de foarm fan in bycht by Dokkum om dúdlik makket hoe't er úteinlik ta dy died kommen is. It is spitich dat Bottema de lêzer pas op side 98 in ûndúdlik hânsel jout om ta dat ynsjoch te

kommen. Dat Bottema gegevens út it iene yn it oare ferhaal brûkt by it oplossen fan it Dine Visser-mystearje is op himsels wol te ferdigenjen, mar it is dan wol apart dat der net oanjûn wurdt hoe't de personaazjes dy kennis opdien hawwe. Sa kin de lêzer amper gewaar wurde wat de besite fan ynspekteur Foppe oan Marten Siderius bydraacht oan de oplossing fan it Dine Visser-mystearje en wat makket dat Hofstra nei syn besite wit hoe't de moard yn elkoar stekt.

## Karikaturaal

Sjoerd Bottema kin wis wol skriuwe. It sit him dan ek net yn de skriuwstyl dat dizze roman mislearre is. De skriuwer hat nei myn idee dizze kear wat foarm en ynhâld oanbelanget gewoan tefolle hea op 'e foarke nommen. Dêrtroch is It aai fan Siderius In ynspekteur Hofstra mystearje hast sels in mystearje wurden, dêr't it dreech is om de haadsaken boppe de bysaken út te tillen en in wei te sykjen yn de grimelgrammel fan fertelsitewaasjes. Wat spitiger is, is dat de personaazjes dêrtroch tige flak en karikaturaal bliuwe, by it seksistyske om't ôf. As dat karikaturale en dy ynkonsistinsjes yn it boek no just ûnderdiel fan it stikje humor binne, dêr't op it omkaft oer skreaun wurdt, dan is dat, by my al teast, net oerkommen.

**It aai fan Siderius, In ynspekteur Hofstra** mystearje Sjoerd Bottema. Friese Pers Boekery, Ljouwert 2001, 30 gûne.